

OBS De Finne
[redacted]
De Greiden 1
9003 MJ WARTEN

Ljouwert, 19 septimber 2017
Ferstjoerd, 20 SEP. 2017

Ús merkteken : 01447027
Ôfd/Opjefte : Frysk kapitaal
Opsteld troch : [redacted] / (058) 292 [redacted] of [redacted]@fryslan.frl
Jo merkteken : Taalplan Frysk
Taheakke(n) : -

Ûnderwerp : 15AV00 Untheffingsbeslút Taalplan Frysk foar profyl C

Achte [redacted],

Mei dit brief stjoere wy jo ús reaksje op it Taalplan Frysk dat jo yntsjinne hawwe yn it ramt fan de *Beleidsregel ontheffing vak Fries*. Jo oanfraach is op 15 febrewaris 2017 by ús ynkommen en ynboekt ûnder nûmer 01420405.

Beoardieling en beslút

Wy hawwe jo Taalplan Frysk beoardiele en binne fan betinken dat it troch jo oanfrege nivo fan ûntheffing passend is foar jo skoalle en foldocht oan de boppeneamde beliedsregel, opsteld op grûn fan de WPO, kêst 9, lid 4 en de WVO, kêst 11e, lid 1.

Wy ferliene jo skoalle mei yngong fan it skoaljier 2018/2019 dan ek in ûntheffing neffens profyl C. Dat profyl hâldt yn dat de learlingen ûnderwiis krije yn taalhâlding, harkjen en praten én dat der omtinken is foar taalskôging. Binnen dit profyl is der ûntheffing foar lêzen en skriuwen. De keardoelen binne yn it Besluit Vernieuwde Kerndoelen WPO formulearre.

Taalplan Frysk

Yn it yntsjinne Taalplan Frysk stiet beskreaun wat it nivo fan it Frysk op jo skoalle is op it momint fan de besite fan de ûnderwiiskundige. Wy ferwachtsje dat jo dat nivo fêsthâlde of ferheegje. De Ynspeksje fan it Underwiis sil dêr op tasjen.

As jo skoalle ûnferwachte op ûnderdielen of yn syn gehiel ôfwykt fan it yntsjinne Taalplan Frysk, dan moatte jo sa gau mooglik kontakt mei ús opnimme.



Rintiid

Mei yngong fan it skoaljier 2018/2019 wurdt it ferliende ûntheffingsprofyl fan krêft foar in perioade fan op syn meast fjouwer jier.

Regeljouwing


De *Beleidsregel voor het verkrijgen van ontheffing voor het vak Fries in het primair en voortgezet onderwijs* (Provinsjaal Blêd, nr. 3671, 26 juny 2015) is op dit beslút fan tapassing.

Hawwe jo noch fragen?

As jo noch fragen hawwe oer dit brief dan kinne jo kontakt opnimme mei  of  troch in e-mail te stjoeren nei taalplanfrysk@fryslan.frl.

Mei rju achting,
Deputearre Steaten fan Fryslân


drs. A.A.M. Brok, foarsitter


dr. W.J. van Elsacker, sekretaris

Yn ôfskrift oan:

Proloog Leeuwarden
Fonteinland 11
8913 CZ LEEUWARDEN

Dejinge dy't streekrjocht belang by dit beslút hat, kin dêr binnen seis (6) wike neidat it ferstjoerd is, in beswierskrift tsjin yntsjinje by Deputearre Steaten, Postbus 20120, 8900 HM yn Ljouwert.

It beswierskrift moat ûndertekene wurde en der moatte yn alle gefallen yn neamd wurde:

- a. de namme en it adres fan de yntsjinner;
- b. de datum
- c. in omskriuwing fan it beslút dêr't it beswier op slacht;
- d. de grûnen fan it beswier.

Mear ynformaasje oer de beswierskriftproseduere stiet op www.fryslan.nl ûnder "contact". Jo kinne ek skilje mei it sekretariaat fan de beswierskriftenkommisje, (till. (058) 292 51 57).

Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

J Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen